

Provinsjale Steaten fan Fryslân
o/f alle fraksjes
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Ljouwert, 31 oktober 2022

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Achte steatefraksje,

Fan 't maitiid ha DS grutskalige besunigings fan 2025 ôf oankundige. Foar taal en kultuer giet it om 1,6 miljoen it jier op strukturele middels, dy't no 10,3 miljoen berinne; dat is rekkene bûten de tydlike middels dy't yn dizze beliedsperioade ynset wurde foar rinnende projekten en belied (2,9 miljoen). De fakto betsjut soks dat, yn ferhâlding ta hjoed de dei, der fan 2025 ôf in tebekgong fan ca. 30% is op de middels foar taal en kultuer.

DS hat by ús bêste witten net oanjûn op hokker wize oft hja tinke dy besunigings te effektuearjen, hoe't de besunigings ferdield wurde oer de haadmêden taal en kultuer en dus ek net hokker dielmêden fan it taal- en kultuerfjild oft rekke wurde sille. In brief dy't DINGtiid fandatoangeande oan deputearre Poepjes stjoerd hat (20 july; in ôfskrift is oan PS ferstjoerd) hat spjitgernôch net ta in befredigjend antwurd laat.

DINGtiid, as it wetlik orgaan om Ryk en provinsje te advisearjen oer it Frysk (sj. de Wet gebrûk Fryske taal (2014), haadstik 4), fielt dêrom de needsaak om PS, yn de oanrin nei it debat oer de begrutting foar 2023, op it gefaar fan de besunigings foar de Fryske taal te wizen. Want men kin fan tinken wol ha dat sokke yngeande besunigings net oars betsjutte kinne as dat de Fryske taal skea oprint:

- Yn it foarste plak om't mei minder jild domwei minder taalbeskermjende en taalbefoarderjende maatregels en aktiviteiten útfierd wurde kinne.
- Yn it twadde plak om't yn it fjild no al de ûnrêst te fernimmen is: wat betsjutte de besunigings foar de organisaasjes en foar harren plannen?
- Yn it tredde plak binne de oankundige besunigings nuver te neamen yn it ljocht fan it feit dat it provinsjebestjoer koartlyn mei in soad ambysje in brede gearwurking yn it Fryske fjild ynstigearre hat (it 'Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer', GFTK), mei ek oan de grûnslach dêrfan de winsk fan de provinsje dat dat fjild de provinsje helpt om de langetermynambysje foar it Frysk in goede kennisbasis te jaan; de besunigingsplannen sette de gearhing en gearwurking binnen de GFTK ûnder druk.
- Boppedat falt te ferwachtsjen dat, as de provinsje Fryslân minder jild beskikber stelt foar de Fryske taal, it Ryk dat foarbyld folgje sil, wêrtroch't it negative effekt dûbeld sa swier wurde sil.

Hoe dan ek is in besuniging fan dizze omfang yn tsjinspraak mei it belied fan DS, dat wol dat it Frysk natuerlik en fanselssprekkend is EN BLIUWT (nota *Nij poadium*, 5.3). Want hoe sil de posysje fan it Frysk itselde bliuwe kinne – lit stean fersterkje – as it fûnemint ferswakket?

Wy tidigje derop dat jo DS der by it steatedebat oer de begrutting foar 2023 op fergje dat hja útlizze hoe't hja tinke de besunigings útfiere te kinnen sûnder it Frysk skea te dwaan. Mochten DS gjin of gjin oertsjûgjend antwurd op jo fragen jaan kinne, dan is DINGtiid fan betinken dat mei de soarchplicht dy't de provinsje foar de Fryske taal oer hat, net soarchfâldich genôch omgien wurdt en dat de begrutting 2023, al least op dat stik, jo stipe faaks noch net fertsjinnet.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
foarsitter DINGtiid